

Op it aljemint

Wat moatte de bern yn Fryslân 'echt' leare?

Ynlieding

Ik gean hjir yn op de fraach wat de bern/learlingen yn Fryslân, in regio yn Nederlân en de Europeeske Uny mei in eigen taal en kultuer, witte en kinne moatte. Hoe soe it algemien foarmjend ûnderwiis der útsjen moatte as it rjocht dwaan wol oan dy eigenheid? Wat moat der dan 'echt' leard en oerdroegen wurde? En moat it beropsûnderwiis ek in (mear) eigen karakter krije? Ik pleitsje yn dit artikel foar in (goed) organisearre diskusje oer de rol en de ynhâld fan it ûnderwiis yn de provinsje Fryslân, benammen fan it algemien foarmjend. Ik sjoch de fraach nei de learynhâlden fan in like grut en sintraal pedagogysk belang as de rol fan de learkrêft/opfieder en dy fan it bern/de learling.

Kennisdebat

It lanlik regear hat in nijsgjirrich inisjatyf nommen mei it saneamde 'kennisdebat'. It giet yn dat debat om de sintrale pedagogyske fraach wat de nije generaasje leare moat fan de âlde. Noch skerper sein: om de fraach wat der 'echt leard' wurde moat. Al sûnt de grutte 17de iuske Tsjechyske teolooch, filosoof en pedagooch Johan Amos Komensky, better bekend as Comenius (1592-1670), ûnder oare de skriuwer fan de fûnemintele pedagogyk 'Didactica Magna' (1632), is der ommers, al is it mei op- en delgongen, in bliuwende belangstelling foar it folksûnderwiis, foar wat eltsenien witte en kinne ('elts alles leare') moatte soe. De Nederlânske ûnderwiiskundige Jaap Vos hat yn de lêste desennia dy line trochlutsen yn Nederlân. Hy referearret dêrby oan it oarspronklike begryp 'Bildung' ('algemiene foarming'). Yn de Dútske ûnderwiistradysje yn it begjin fan de 19de ieu wurdt dy 'foarming' of 'Bildung' (ek) opfette as yn prinsipe 'foar elts' ornearre.

Neffens Paul van Dam (*School*, 1996, 24) hiene de keardoelen in goed startpunt foar sa'n kennisdebat wêze kinnen as se net sa globaal west hiene en net safolle tekoarten fertoand hiene. En neffens de Kommisje-Van Eijndhoven, dy't útstellen dien hat foar it op 'en nij besjen fan de keardoelen foar de basisskoalle, kinne wy dy dan ek mar it bêste efter ús litte en besykje om it better te dwaan.

Mar dan moatte wy wol in goed idee hawwe fan wat algemien foarmjend ûnderwiis betsjut. De sintrale fraach foar

dat algemien foarmjend ûnderwiis stiet winliken noch altiten rjocht oerein: Wat wolle wy ús bern 'echt leare'? Is it datjinge dat yn al dy Hollânsktalige metoaden fan al dy lanlike útjouwers stiet? En is dat ek gaadlik foar Fryslân? Wêrom eins?

De winst fan de lêste jierren liket wol te wêzen dat kennis wer 'mei'. Der kin wer oer ynhâlden diskusjearre wurde. Yn de flower-powertiid like it der soms op dat kennis wat oerstallich oan it wurden wie: men koe ommers alles wol opsykje. Hjoed de dei giet it lykwols op 'en nij om de fraach wat de bern/learlingen kenne en kinne ('leare') moatte yn de perioade fan basisskoalle en basisfoarming. Sis mar yn de tiid dat de bern sa tusken de trije/fjouwer en fyftjin/sechstjin jier âld binne.

Kearndoelen en eintermen

De oerheid woe in jiermannich lyn net allinnich komme ta in ferplichte ynfiering fan keardoelen (1993), mar kaam ek ta de ûntdekking dat oan de relaasje tusken de keardoelen foar de basisfoarming en de eintermen fan fvû/mafû en hafû/fwû fan alles mankearre; dy moast helderder en better wurde. It leit yn 'e reden dat it begryp 'foarming' dan ek op 'en nij ynhâld krije moat. En dat sadwaande fan-nijs neitocht wurde moat oer de relaasje tusken kennis en werklikheid. Mar ek oer fragen lykas: Wat betsjut kognitive foarming kombinearre mei sosjaal-emosjonele? Wat meie of moatte de efterlizzende wearden en noarmen fan it ûnderwiis oanbod wêze? En, sa heakje ik der dan oan ta, moatte de antwurden dan foar hiele Nederlân jilde of mei Fryslân dêr in eigen wei yn gean? En mei dy wei dan breed of smel wêze? In beskieden begjin, in paadsje is der, sûnt der ek foar it Frysk *wetlik ferplichte* keardoelen foar it basisûnderwiis formulearre binne. Mar mear as in begjin is it net en noch lang gjin grutte fjouwerbaansdyk.

Boppedat lûke de skoallen harren, as men de saakkundigen leauwe mei, yn it algemien noch amper wat fan de keardoelen oan. Om oer dy foar Frysk mar te swijen.

In kultuerpedagogyske diskusje?

Opfieders hearre de nije generaasje yn *te lieden* yn de hjoeddeiske kultuer; yn de kennis, feardichheden en ferwurvenheden dy't no fan belang achte wurde (Litt, 1967¹⁾; Imelman, 1995, Meijer, 1992).

Hoe'n helder byld hawwe wy eins fan wat yn in provinsje as Fryslân, mei in eigen taal en kultuer, ta de *algemiene foarming* en de *beropsfoarming* rekkene wurde moat? Wat is it oanpart dêryn fan de eigen taal en kultuer? Freget dat eins net om in eigen kennisdebat en om in eigen kultuerpedagogyske diskusje?

De toetsûntwikkelders fan it Ynstitút foar Toetsûntwikkeling (Cito) hawwe de needsaak fan in kultuerpedagogyske diskusje ynsjoen en kontakt socht mei de geastlike heit dêrfan yn Nederlân, de pedagooch dr. J.D. Imelman. Yn 'e mande mei him en de pedagoge dr. W.A.J. Meijer is it Cito neigongen hoe't sa'n kultuerpedagogyske diskusje yn de praktyk fierd wurde kinne soe. Yn 1995 en 1996 binne se dêr op in lytse skaal mei út ein set. Hieliten waard der diskusjearre oer de fraach hokfoar learstof oft sinfol is by in beskaat ûnderwerp út it learplan. Stik foar stik hawwe se harren bûgd oer 'Prehistorie, Voeding, Landbou, de Republiek der Zeven verenigde Nederlanden, Elektriciteit en Industrie & Handel' (*School*, 1996, 50). Yn de kommende jierren geane se mei oare ûnderwerpen troch. It liket harren mooglik om it hiele mêd fan bygelyks 'de' wrâldoriëntaasje yn sa likernôch 25 ûnderwerpen dekkend te beskriuwen. Dielnimmers oan dy diskusje binne: in ûntwikkelingspsycholooch, twa pedagogen, saakkundigen fan it Ynstitút foar de Learplanûntwikkeling (SLO) en it Cito.

Fan de kant fan de ynspeksje binne oant no ta ynspekteurs mei in natuerkundige, histoaryske en geografyske eftergrûn as waarnimmers yn dy diskusje behelle. Ik haw noch neat fernommen fan it ferlet om dêr ek Fryskkundige ynspekteurs oan meidwaan te litten. Litte wy sa de fûgel(s) net oer it net fleane? In bydrage fan ynspeksjekant oan it 'eigen' karakter fan de wrâld (natuer en kultuer) yn Fryslân soe de kwaliteit en faliditeit fan de beskriuwings grif te'n goede komme kinne.

Boppedat wurdt der by elts ûnderwerp in fakynhâldlike ekspert fan in universiteit behelle. Foar Fryslân soe men dan benammen oan meiwurkers fan de Fryske Akademy tinke kinne. Mar ek kultuer- en learlingkenners fan de ôfdieling Frysk fan it GCO fryslân soene de gelegenheid krije moatte.

Domeinbeskriuwing

It risseltaat fan in kultuerpedagogyske diskusje fynt syn delslach yn in domeinbe-

skriuwing. Dat is in gearhingjende beskriuwing fan de learstof. Dy moat *ferantwurde* wurde. Der moat oanjûn wurde op grûn fan hokfoar betinken oft de learstof yn de domeinbeskriuwing keazen is. Dy ferantwurding moat in goed ynsjoch jaan yn de diskusje dy't om in ûnderwerp fierd is. Dat is wichtich, omdat oaren dy dan lêze kinne en mei eigen argumenten en in eigen oardiel op it aljemint komme kinne. Sa soe der ek in Fryske kultuerpedagogyske diskusje yn brede sin ûntstean kinne. In ynstânsje dy't soarget foar it fersprieden fan de risseltaten fan de (oant no ta) beheinde diskusje en it sammeljen fan de kommentaren liket der op lanlik nivo noch net te wêzen. De lanlike en de eigen, Fryske, provinsjale oerheid soene dêr nei myn betinken inisjativen ta nimme moatte. De Fryske oerheid soe der op in folwearde wize yn behelle wêze moatte, wol der fan de provinsjale ferantwurdlikens foar de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis wat op 'e hispel komme (ferl. bgl. it advys fan it Berie foar it Frysk [1989]). Soe it idee fan in Fryskeigen bydrage oan sa'n kultuerpedagogyske diskusje net ris yn it Berie foar it Frysk oan 'e oarder komme moatte?

Te'n earsten sil de status fan in domeinbeskriuwing net in oaren-ien wêze as dat it de delslach is fan in beskate diskusje fierd troch guon kapabele minsken. Elts, ek in learmiddelprodusint, kin dêr syn foardiel mei dwaan en op grûn fan eigen betinken eventueel oare aksinten lizze. Der wurdt neat foarskreaun, lykas by de kearndoelen. Al wit men fansels nea hoe't dat yn de fierdere takomst útpakke kin. Sa binne se yn Ingelân op dat stik hiel wat minder skruten as hjirre (Hogbin, 1991). Mar ek as sa'n situaasje wankt, kin men der mar better op 'e tiid by wêze.

It ferskil mei de âlde situaasje is dat der neffens in fêste prosedure troch almeast tige kapabele minsken *yngeand neitocht* wurdt oer de kar fan beskate learstof en dat der *argumenten* foar dy kar jûn wurde. Dy sil foar guon domeinen yn Fryslân, as it oan my leit, wat de ynhâld en de foarm (tink bygelyks oan it Frysk as ynstruksjetaal!) oanbelanget 'oars' wêze moatte as yn de rest fan it lân. Foarstanners fan goed twa- of trijetalich ûnderwiis, en dêr hear ik ek by, sille de 'foarm' net maklik los sjen kinne en wolle fan de 'ynhâld', omdat troch it brûken fan in beskate taal ('de foarm') ymplisyt en eksplisyt ek altiten kennis, feardichheden en wearden op it stik fan dy taal en kultuer (mei) oerdroegen wurde. 'Foarm' wurdt dan suver hast

'ynhâld'. Dy kultuerpedagogyske diskusje liedt dus neffens my, as fansels, (ek) ta in ferantwurding fan in (folweardich) plak fan it Frysk as fier- en ynstruksjetaal yn de skoallen, likegoed yn de algemien foarmjende perioade as by de beroepsfoarming.

Jitris, by de ferplichte kearndoelen foar it Frysk yn de basisskoalle leit in earste oanset. Dy doelen bliuwe lykwols stykjen yn in (te) globale oantsjutting fan beskate kennis, feardichheden en hâldings (wearden) dy't ûntwikkele wurde moatte. It neitinken oer it fan 'e grûn helpen fan in Fryskeigen kultuerpedagogyske diskusje liket my needsaaklik, wolle wy de boat net misse.

Ut soarte hoecht men ek yn Fryslân net by nul te begjinnen. Der kin en der sil grif oansletten wurde by al dat skoandere wurk dat al dien is, bygelyks troch it GCO Fryslân, de Afûk, de Seksje Frysk fan de Vereniging van Leraren in Levende Talen en oaren.

S.T. Hiemstra

Bibliografy:

Berie foar it Frysk [1989]

De bestjoerlike ferantwurdlikens foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk; in oanset ta diskusje. Advys fan it Berie foar it Frysk oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân. Dam, P. van (1996)

'Wat moet er echt geleerd worden?' Yn: *School* [Kennisebat. Leerstof tussen gisteren en morgen], 7 (sept. 1996), 24-28.

Dasberg, L. (1996)

'Het veld in met de botaniseertrommel.' Yn: *Trouw*, 7 sept. 1996, 18-19. [ferkoarte werjefte fan Dasberg har publikaasje *Menswoorden tussen mode, management en moraal*, Trouw, 1996] Hogbin, J.W.G. (1991)

'Unity and Diversity in the Education Reform Act.' Yn: *British Journal of Religious Education*, 1991, 199-203.

Imelman, J.D. (1995)

Theoretische pedagogiek. Nijkerk: Intro. Imelman, J.D. & R. Tolsma (1987)

'De identiteit van (bijzonder) onderwijs als modern normatief pedagogisch probleem.' Yn: *Pedagogische Studiën*, 64 (1987), 390-404.

Imelman, J.D. & W. Meijer, (1996)

'Kennisebat op vals spoor?' Yn: *School* [Kennisebat. Leerstof tussen gisteren en morgen], 7 (sept. 1996), 29-35.

'Kamervragen Friese Taal en Cultuur'. Yn: *Uitleg*, 31 (15 des. 1993), 16.

Kruyne, B. (1995)

'Professor Leune stelt grotere autonomie voor scholen ter discussie: "Zelfstandigheid biedt nog weinig heilzame effecten". Yn: *Inzicht* (sept. 1995), 4, 8-9.

Lagerweij, N.A.J. & E.M. Haak (red.) (1995) *Basisvorming: tussen ideaal en werkelijkheid.* Alphen aan de Rijn: Samsom/H.D. Tjeenk Willink.

Leune, J.M.G. (1994)

'Onderwijs tussen economie en cultuur'. Yn: *Pedagogische Studiën*, 71 (1994) 5, 366-374. Litt, Th. (1967)

Führen oder Wachsenlassen. Stuttgart: Klett. Meijer, W.A.J. (mei meiwurking fan D. Benner & J.D. Imelman) (1992)

Algemene pedagogiek en culturele diversiteit. Nijkerk: Intro.

Op weg naar basisvorming. Nu met kerndoelen. Enschede: SLO, 1992.

Wagenaar, H. (1994)

Ontwikkeling van een domeinbeschrijving voor wereldoriëntatie op basis van een cultuurpedagogische discussie. Arnhem: Cito.

Wagenaar, H. & H. Notté (1996)

'Wat leren we bij Wereldoriëntatie?' Yn: *School* [Kennisebat. Leerstof tussen gisteren en morgen], 7 (sept. 1996), 37-47.

Wagenaar, H. & H. Notté (1996)

'Wereldoriëntatie en algemene vorming?' Yn: *School* [Kennisebat. Leerstof tussen gisteren en morgen], 7 (sept. 1996), 48-54.

afûk



FRYSLÂN
SJONGT

Priis f 19,50

Fryslân Sjongt

Lietebondel

Dizze 10de fernijde printinge befettet tal fan nije toppers fan Riens Gratama, Anne van der Mark, Tetman de Vries, Bennie Huisman en Doede Veeman. Mar ek âlde bekenden lykas 'Simmermoarn' binne wer opnommen. Nij binne ek de akkoarden foar de begelieding. Sjongend Fryslân kin wer efkes foarút.

Te krijen yn alle boekhannels